

Cultuur

Film

Media

Boeken

Theater

Muziek

Beeldende

kunst

Agenda



Toan rêchbonke

Wy kinne as miskende Friezen wol altyd nei de oerheid wize, mar sels kinne wy ek in protte dwaan. Grutskens wol mei de mûle belide, sa't de grutte mearderheid blykber docht (sjoch de útkomsten fan it ûndersyk dat dizze krante dwaan litten hat, LC 13-11), mar der nei bûten ta grutsk mei omgean, ho mar.

Mear as de helte fan de ûnderfregen, 52 persint, jout earlik ta dat se sa gau't se in ûnbekende oansprekke, yn it Hollânsk begjinne. In automatisme, jawis, en it komt de bêste oer.

In ferneamde Fryske skriuwer dy't, it is al lang ferlyn, op it stasjon yn Ljouwert in treinkaartsje kocht, frege dat yn it Hollânsk oan de lokettist. Dat hearde in fanatike Fryske beweging, dy't him fuort ta de oarder rôp. Yn stee fan him te ûntskuldigjen, waard de skriuwer poerlulk.

Fan no ôf oan wist er by watfoar kamp dat er hearde, net by dat fan de 'Fryske beweging'.

No giet ek net elke Fryske beweging frij-út. Jo sille de lju dy't har nei bûten ta yn it Frysk oppenearje – itsij as strider, itsij beropsmittich – mar thús Hollânsk prate, de kost jaan moatte. Dan binne jo gau oan reapsein.

Ja, dat is ek in automatisme: jo treffe de oarehelte dy't it net praat, oait wie dy ek in ûnbekende nammers, en as jo dan net de rêchbonke ha om him of har omstean te learen, feroarje jo dat net mear. Oars fielt it ûnnatuerlik. De leafde is sterker as de memmetaal. En trouwens, wa binne jo om in oar syn of har memmetaal te ûntfytmanjen?

Lang libje de twataligens. Mar dy twataligens is slim út balâns, want dy oare memmetaal is wol it machtichst en om dy reden kieze sels de fan hûs út yn it Frysk opbrochte âlden derfoar om de bern daliks mar yn it Hol-

“Measte Friezen geane net grutsk mei har taal om

lânsk grut te bringen. Dêr komme se ommers fierder mei yn 't libben.

Dat ivige foaroardiel kin allinne mar bestriden wurde troch de bern fan jongs ôf oan op 'e skoallen lykweardich les te jaan yn sawol it Frysk as it Hollânsk en dat is in utopy. Hoe fûl oft de taalstriders der ek foar opkomme, salang't skoalledireksjes sels útmeitsje meie oft der op har skoalle 'draachflak' foar is, kinne se it Frysk marzjinalisearje of útbanne.

Foar't yn 1901 de Learplichtwet ynfierd waard, spile draachflak foar it Nederlânsk ek gjin rol. It waard ferplichte, punt út. Dat it Frysk yn 1980 'vederlicht' ferplichte waard, hat efterôf ferkeard west, want hoe't de plicht letter ek ferswierre is, hieltyd koe der mei berop op it draachflak fan ôfwykt wurde en dat der no, mear as fjirtich jier letter 'taalstipers' nedich binne om de skoallen uterlik yn 2030 op nivo te bringen, bewiist al hoe slop oft de Fryske flagge der by hinget.

En it ryk wegeret de provinsje it foech op de neilibbing, hat minister Ollengren tiisdei nochris yn de Kneppelfreed-krante sein.

It ûnderwiis sil it Frysk dus net mear rêde. Fansels, salang't it bestiet, hat it rjocht op oerheidssoarch, mar de kaai foar it fuortbestaan leit yn hannen fan dy swijende mearderheid. Lit dy rêchbonke toane en har grutskens yn deden omsette oftewol rûnom, thús en op 'e strjitte, yn iepenbiere romten, yn gearkomsten, mar benammen ek yn wichtige funksjes dy't der ta dogge, it Frysk as earste taal brûke.

Dan leare de net-Frysktaligen wol omstean, ik bedoel: it gau ferstean.

pieterjan.de.groot@planet.nl

Theunis Piersma hie triennen yn de eagen doe't hy it boek fan Doet Boersma lies.

Benammen om it momint dat sy beskriuwt as *life changing*. In momint yn in greide fol fûgels. Hy nimt sneon it earste eksimplaar fan *Fertile Soil* yn ûntfangst.

Tekst Gitte Brugman

Doet Boersma groeide op yn Wjelsryp, op in pleats oeral fier fan ôf. „As bern wiene wy op ússels oanwiisd.” Mei har heit rûn sy troch it lânskip. Hy learde har de nammen fan blommen en planten, tegearre gongen sy te aaisykjen. „Wy hiene in soad frijheid, en ús kreativiteit waard yn alle opsichten stimulearre troch ús heit en mem beide.”

Har leafde foar de natoer komt dêrwei, wit se. „Syn leafde foar it spesifike lânskip en de wrâld om him hinne hat ús heit my op in hiel natuerlike wize bybrocht.” It is foar har fanselsprekkend dat sy altyd it wide lânskip skildere hat. It wie ek it ûnderwerp fan har earste boek *Lânskip*.

FUGELTSJELAN

Yn 2015 kaam dêr feroaring yn. Skelte Brouwers fan it agrarysk natoerbehear murk op dat sy altyd oeral oan it skilderjen wie. „Yn Amerika, Sina en wit ik wol net allegear, mar yn dizze tiid is it hjir ek sa ôfgryslig moai”, fûn er. Hy yntrodusearre har by Auke Stremmer, en by him op it fûgeltsjelân De Him by Jorwert mocht Doet in plak sykje om te skilderjen.

Sy ried der mei de auto nei ta en slepe al har guod de greide yn. „Doe't ik dêr midden yn dy greide stie, rekken de ljippen en de skriezen yn konsternaasje troch myn oanwêzigens. It wie foar myn gefoel ynienen in orkaan fan fûgellûden om my hinne.”

It wie *life changing*, seit se. „Benammen dy skriezen! It wie in skok fan werkenning. Ik stapte dêr yn Jorwert yn ien kear fjirtich jier werom yn de tiid. Ik wie wer thús op de pleats dêr't ik berne bin.” It lûd fan de greidefûgels wie doe altyd om harren hinne. „Mar ik wist net iens dat ik dat fergetten wie.”

Troch de yntinse erfaring koe se ynienen neat oars as de oerfloed oan lytse blomkes skilderje. Dêr't se oars altyd it wide lânskip ferbylde, gong se no nei it detail. De blommen en blêden, it gers en it reid... „Ik wist net wat ik moast.” Sy fertelt deroer yn har nijste boek *Fertile Soil* yn petear mei Baukje Wytisma.

URGINSJE

Wêr't se altyd al har leafde foar de natoer besocht oer te dragen mei har wurk, waard de bewustwurding no sterker. „It hat stadich oan mear urginsje krigen.”

Sy skildert no de prosessen yn de natoer: it útbarsten fan sieden, it woarteljen fan beammen en blommen, it foarmjen fan de humuslaach... „Ik wol sjen litte dat wy dêr sunich op wêze moatte. Oars is it te let.”

It ûnderwerp is 'onuitputtelijk', it wurk feroare. „Foarm en ynhâld komme hieltyd tichteby inoar.”

Se giet letterlik oant op de boaiem en dêr sels noch ûnder, skriuwt Susan van den Berg yn har part fan *Fertile Soil*. „Yn de ierde fûn se de oarsprong fan it libben. Besiele praat se oer kymkrêft, pioniersplanten en siedbanken ûnder it ierdoerflak.”

De belutsenheid dy't sy fielt by har ûnderwerp, makke har dúdlik dat de planten net allinne it ûnderwerp wêze moasten, mar ek ûnderdiel wurde moatte fan har skilderijen. Se brûkt dan ek planten, blêden en woartels om yn de wiete ferve ôfdrukken nei te litten. Skildert dy ek wer nei nei oanlieding fan dy ôfdrukken fierder as der oerhinne.

Sy lit farens oksidearje oant rustige foarmen op it doek. „De eftergrûn die tinken oan de grot-skilderings fan Lascaux yn Frankryk”, wiist sy. It jout moai in ferbining mei de âlderdom fan de





“ Ik ûntdek net allinnich fan alles boppe en ûnder de grûn, mar ek yn mysels

Doet Boersma yn har ateljee.

‘Ik wist net dat ik dat lûd fergetten wie’

farenfamylje... „Folle âlder as wy, minsken.”

KAMPERFOELJE

Ek kleur hat in oare funksje krigen. „Eartiids skildere ik ek kleurryk, mar no wol ik de geur werjaan dêr't ynsekten op ôf komme.” Se nimt in doek mei roze kamperfoelje as foarbyld. „Sjoch, dit is dy swiet swiere geur fan kamperfoelje op in simmerjûn.” Se moast it hast rûke, dat is har kritearium dat it klear is.

Doe't sy Baukje Wytisma fertelde oer it plan foar *Fertile Soil*, kaam dy gelyk mei it foarstel foar de ynterviewfoarm. „Wylst ik oan it fertellen wie, makke sy dêr gelyk tekst en fersen by.”

(Fragminten fan Baukje Wytisma)

Soms komsto samar oer in see fan tiid / ier yn de moarntiid as de fûgels roppe / ticht om my hinne wurdt it ljocht en wiid. Bist yn de wyn dy't troch de sleatswâl jaget / wyld weagjend troch it wetters / djip yn de ierde hasto dy ferskûle / gjin lûd út dyn ferstienne mûle / iiskâld ta libben komsto yn myn fers.

Troch it oprjochtsjen fan Kunstacademie Fryslân en de rûzige koronatiid wie der in skoft te min tiid foar *Fertile Soil*. Mar Boersma pakte troch. Sy



naam kontakt op mei Peter Jens, direkteur strategyske gearwurkingen by Koppert Biologicals. Sy hie in grutte opdracht fan it bedriuw hân en hy jout yn har boek syn fisy op boaiems. ‘De iene boaiem is de oare net, feroaret mei de tiid en der spylje him oerâlde prosessen yn ôf dy't oant no ta elkenien ûntkomt.’

Boersma: „In stêd ferliket hy mei ierde. It is allegear boaiem.” Jens: ‘Fruchtbere boaiems binne boaiems dêr't in soad barre kîn, in soad nije relaasjes ûntstean kinne en âlde ferdwine en alles ‘it’ mei elkenien docht.’ Keunstners kinne helpe dizze prosessen dúdlik te meitsjen, aldus Jens.

LIBBENFEROARJEND

Fertile Soil is net in katalogus by in eksposysje, al toant Boersma har wurk fan 20 novimber oant 15 jannewaris yn Bax Kunst Galerie en Kunstencentrum Atrium yn Snits, in kombinaasje mei skulptueren fan Ruth Vultogaube. It is in boek dêr't Boersma yn sjen lit hoe't sy wurket. Hoe't se begjint mei sketsen en talleaze foto's. Hoe't se de ferve oer it doek floeie lit en dan bûten leit mei blêden en woartels, oant dat dy ôfdrukken efterlitte.

Boersma: „Der bart fan alles yn de dynamyk fan dizze wize fan skilderjen. Ik ûntdek net allinnich fan alles boppe en ûnder de grûn, mar ek yn mysels. Ik wit: hjir bin ik no. Dit is wat ik wol.”

Siden út *Fertile Soil* dat ferskynt by útjouwerij Bekking & Blitz yn in Frysk/Nederlânske ferzje en in Ingelsk/Dútske ferzje (23,50 euro, 108 siden).

Doet Boersma & Ruth Vultogaube
- Kunst Galerie Bax
Singel 82, Snits
www.baxkunst.nl
- Kunstencentrum Atrium
Oud Kerkhof 11, Snits
kunstencentrumatrium.nl
20 novimber 2021 o/m 15
jannewaris 2022